

KOMÔF EN BETSJUTTING FAN NIJFRYSK WAN*

Siebren Dyk

Summary

This article presents a study of the West Frisian word wan, as it is used in the idiomatic expression immen in wan bruien jaan, 'to give someone a beating'. In section 1 the word is distinguished from two other, homophonous, instances of wan, meaning 'wall' and 'rigging (on a ship)', respectively. Ultimately it turns out, however, that these homophones do have a common etymon. In 1915, in a popular Frisian weekly, the word already caught the attention. Several, by now curious, attempts were made then to provide an etymology, as is demonstrated in section 2. In section 3 we present our own etymology, suggesting that the word should be related to an Ablaut form of a common Germanic verb, which nowadays shows up in German and Dutch wenden, 'to turn'. This also accounts for the semantics of the idiomatic expression, which has been derived from a meaning of wan that refers to a turn in traditional threshing. Frisian dictionaries have not been very exact and consistent in their interpretation and description of the meaning of wan, as is shown in section 4.

Mannich Fries sil, al wie it mar út in idioomboekje, bekend wêze mei it haadwurd *wan*. Dat oppenearret him hjoeddedei dan benammen yn 'e útdrukkings *in wan op 'e hûd* of *in wan bruien*. Dat *wan* is oant no ta noch net rjocht etymologysk teplak brocht. De diskusje oer it ûnderwerp yn *Sljucht en Rjucht* fan 1915 docht net echt in serieuze stap yn 'e goede rjochting, mar wurdt yn paragraaf 2 oanhelle fanwegen de folsleinens en de kurioziteitswearde derfan. Dat yn paragraaf 3 woe ik sels ris in smeat op it komôf fan *wan* dwaan. De betsjutting fan it wurd is lykwols ek net ûnnijsgjirrich, foaral net om't de wurdboeken der hjir en dêr wat nuveraardich mei oan 'e haal gongen binne. Dat komt yn 'e fjirde paragraaf op it aljemint. Mar earst moat even dúdlik makke wurde om hokker *wan* oft it hjir no winliken giet, want *wannen* binne mear as ien fan.

* Foar weardefol kormintaar op in eardere klade betankje ik Dirk Boutkan.

1. Ofbeakening

Lykas hjirboppe bliken die, is it *wan* dêr't it ús om te rêden is in haadwurd. It eigenskipswurd *wan*, mei syn tige algemiene betsjutting fan 'ferkeard'; 'net folslein'; 'net optimaal', kriget dêrom hjir net it omtinken, hoewol't de behanneling dêrfan yn 'e wurdboeken op himsels oars wol wat fan te sizzer wie. Dat adjektivyске *wan* oppenearret him yn soksoarte foarbylden as *mei dy organisaasje rint it wan*; *dat kesyn is wan*; *it fet is wan*. It fan dat eigenskipswurd ôflate foarheaksel *wan-*, yn wurden lykas *wanbestjoer*, *wanbeteller*, *wanheap* en party oaren, wurdt hjir dus ek lizze litten.¹ Dat jildt allyksa foar de homofone nominalisearing dy't referrearret nei it net opfolle part fan bygelyks in fet.

Us *wan* hat tinkt my ek net direkt te krijen mei it haadwurd *wan* dat as haadbetsjutting '(binnen)muorre' hat. Dat wurd is nammers bekender ûnder syn njonkenfoarmen *wân* of *wand* (ek wol *want*). De etymology fan dat wurd, sa't bygelyks it WNT it ús ferdútst, is oars wol nijsgjirrich, om't it ferwiist nei de âlde metoade fan muorreopmeitsjen. Dat barde mei frisselwurk fan twigen tusken yn 'e grûn steande peallen, dat dan letter mei liem bestrutsen waard. It tiidwurd *wine*, dat mei in Ablautsfariant oan 'e basis fan dit haadwurd stiet, ferwiist nei dat (draaiende) ynoarfrisseljen fan it tûkeguod. It WNT, diel XXIV, kolom 854 formulearret as betsjutting dan ek: "het gewondene, het gevlochtene". Grappich is, dat in oar, mar no fierhinne útstoarn wurd foar 'muorre', te witten *weach*, Aldfrysk *wâch*, in ferlykbere etymology hat. Neffens bygelyks Franck, Van Wijk & Van Haeringen (1980) s.v. *weegluis* en ek it WNT (s.v. *weeg I*) komt dat fan 'e yndogermaanske woartel *wei-*, dy't ek wer "winden, vlechten" betsjutte soe.²

In oar *wan* dat net yn 'e beneaming komt, is de oantsjutting foar de trieden op in skip dy't de mêst oereinhâlde, en ek wol dy't helpe om de seilen omheech te krijen. It gehiel fan snoeren en linen dat yn gebrûk is by de beroepsfiskerij, wurdt der lyksa mei oantsjut. De foarm *wan* is hjir nammers seldsum; earder fine jo it langere *wân*, of *want*, op 'e útspraak fan it stamlûd nei deselde foarm as yn it Hollânsk. De etymology is oars gelyk oan it hjirfoar besprutsen *wan*, giet dus úteinliks ek wer tebek op in Ablautsfoarm fan

1. Sjoch foar dit foarheaksel Hoekstra (1998), de siden 69 en 78.
2. Dat *weach* is út it stee krongen troch it út it Latyn liende *muorre*, dat spesifyk de nijere foarm fan it meitsjen fan muorren mei help fan stiennen oantsjutte. Sjoch oer dit gefal fan tebekrinnen troch funksjeferlies Van der Woude (1960) en benammen Van der Woude (1961). Ik nim oars oan dat *wan/wân/wand* inselde soarte fan tebekgong mei-makke hat, om't dat hjoeddedei benammen noch ferwiist nei de muorre *yn* it hûs.

wine (Franck, Van Wijk & Van Haeringen 1980 s.v. *II want* en *ingewand*), dat semantysk ek wol eigenskip hat, om't sa'n line ommers bestiet út tinder triedden dy't wer om inoar hinne wûn binne.

2. *Sljucht en Rjucht* 1915

Dat etymology ien fan 'e tûken fan 'e taalkunde is dy't by it gruttere publyk noch ridlik populêr is, mei bekend wêze. It is fansels ek wol bekend dat dat publyk sels ek wol graach ris in idee oer it komôf fan in wurd fintilearje wol. Lykwols, folle fierder as stamtafel en leagenbank komme sokke útstellen mar komselden, en at se al ris op skrift ferskine, dan faak op plakken dêr't se foar de profesjonele etymology min te finen binne. Dat op himsels ek wer gjin grut probleem is, want ornaris is it dochs meast sa dat sokke folksetymologyen of de planke flink misroaie, of wittenskiplik in iepen doar yn traapje. Likegoed is it wolris aardich om te lêzen hoe't der mei ditsoarte fan fragen ompield wurde kin, en it tafal wol dat der krekt oer it wurd *wan* sa'n diskusje op papier kaam is. Troch in noch grutter tafal bin ik ek noch efter it bestean derfan kaam, want it wykblêd *Sljucht en Rjucht* is no net fuortdaliks it earste periodyk dêr't men taalkundich wat fan jins gading sykje sil. It saneamde wurdstúdzjeapparaat, dat op 'e Fryske Akademy berêst, meldt dizze boarne, grif om ynhâldlik-kwalitative reden, net. Tanksij Hoekema (1979) bin ik him op it spoar kaam, of faaks moat men earder sizze nettsjinsteande dy bibliografy, dy't spitigernôch mar in tige beheinde gebrûkswearde hat om't er allinne mar te befreegjen is op periodyk, en net op ûnderwerp. Mar soms siket men net en fynt men dochs.

De foarset wurdt dien yn *Sljucht en Rjucht* fan 1915, yn it nûmer fan 29 maaie, op de siden 225-226, yn 'e achtste ôflevering fan in searje mei de titel "Eftermiddeis Thédrinke". De beide kletskonten Tine en Sytske reitsje dêr op 'e tekst oer moaie Fryske wurden en útdrukkings dy't yn eardere jeften fan it wykblêd stien hawwe. Sa stroffelje se op side 178 fan dyselde jiergong oer:

"Wol, dy loeder fen in jonge!" sei er yn himsels, en hy stie yn bistân om Hajo êfternei to rinnen en him in ticht wantsje to jaen.

Oer de betsjutting "terwinkel" foar *in ticht wantsje* binne de froulju it wol iens. Sytske mient dat dat *wantsje* komt fan *wantsjekou*, dat in ferfryske foarm fan it Ingelske "What you call" wêze soe. Dat lêste is Sytske grif net

fier mis mei, alteast it WNT jout foar it Nederlânske *watjekou* itselde komôf, en de betsjutting strykt fansels ek. Mar it eigenskipswurd *ticht* triuwt de froulju likegoed ek wer in oare kant út, want fia de útdrukking "dat is geer katje om zonder handschoenen aan te pakken" komme se foar *wantsje* úteinliks dochs út by in mof fan in stevich ticht weefsel. Dat sa soe *in ticht wantsje* in "lawibes mei in stevich bimofte hân" wêze moatte.

At Tine en Sytske útpraat binne, folget der in taheakke, ûnderteken troch T., dat wol J. van der Tol, de (ein)redakteur fan it blêd, wêze sil. Hy ikkert nochris oer wat de froulju op it aljemint brocht hawwe, en hâldt i dêrby dochs mar op 'e earste ferklearring. *Wantsjekou* soe dan "troch hea forstean ef ho den ek" ta *wantsjekou* wurden wêze, en dat wer ta *wantsje*.

Dêrmei is it noch net út. Yn it nûmer fan 19 juny komt T. op side 262 op 'e kwestje werom, omdat er reaksjes fan lêzers ynkrigen hat. In Wibe Piter leaut net oan dat *wantsjekou*, en omdat de betsjutting is "bruijen jaen mei ir stôk ef in oar ûnsêft ding", tinkt him, "in wantsje is in lytse wan, in ding, de by 't têsken brûkt wirdt". T. is dat net mei him iens: sa'n ding hjit net far *wan*, mar *wanne*, en is net bedoeld om mei te slaan, "mar wol om it sied omheech to smiten en der wer yn to heinen, sadet in diel fen it tsjêf der út wyndere wirdt". En dan is der noch in J. Bonsema, dy't dochs wer by in mof út komt, mar dan wol hielendal werom giet nei de midsieuwen, doe't ridders izeren wanten oan hiene. "Mei sa'n want koe men tafege", mient Bonsema en "in *wantsje* kaem fensels sa hird net oan, mar as it in ticht wantsje wier den foelen de klappen oeral, krekt as mei in tichte rein". T. wol hjir lykwols ek net oan, want it is neffens him "in *wan* bruijen", en net "*want*". Hy besiket it noch ien kear op in oare wize. Neffens him, en wy sille aanst sjer dat er dy wiisheid út it *Friesch Woordenboek* hawwe moat, "kin *wan* ek *laech* wêze: yet in wan têsken = ien laech; it snijt in tsjok wan". Dêrmei is T. tichter by de goede etymology as dat er sels miskien tinke kind hat. Syr argumintaasje is teminsten nochal tin, basearre at er is op 'e semantyske oerienkomst mei de Nederlânske útdrukking "iemand de volle laag geven". Dochts moat dy útlis de tiidgenoaten wol noaske ha; der is op 'e diskusje yn *Sljucht en Rjucht* alteast gjin ferfolch mear kaam.

3. *Komôf*

Wêr't dat *wan* fan it *wan bruijen* krekt wei komt, is dus noch net in oannimlik útstel oer dien. It soe dêrom moai wêze at der yn in besibbe taal in korrespondearjende foarm bestie dêr't dat wol foar útsocht is, want dan

soene we gau klear wêze. Spitigernôch is dat net sa. Yn de Nederlânske etymologyske wurdboeken is ús *wan* net werom te finen. Yn 'e oare Germaanske talen en dialekten haw ik ek neat fûn dat der op liket. It WNT, lykwols, hat wol in lemma *want IV* 'klap, slag; pak slaag', al is dat perfoarst net algemien: "Behalve bij KIL. [= Kiliaen, S.D.] alleen aangetroffen in gewest. toep.". Oer de etymology wurde wy net it measte wiis: "De oorsprong is onbekend". It WNT docht wol de suggestje, yn neifolging fan Hadding en Veenstra (1979, 307), dy't foar it Drintsk de útdrukking *een waant klappen* 'een pak slaag' jouwe, dat dat Drintske *waant* te krijen hat mei it twadde haadwurd *wan* fan hjirboppe. Yn it Nederlânsk of yn guon Nederlânske dialekten hat dat nammentlik wat in grutter betsjuttingsferskaat as yn it Frysk, en kin it njonken de tapassing op skippen en yn 'e fiskerij bygelyks ek wêze 'soort grove lakensche of wollen stof; ook in daarbij aansl. toep. Als soortnaam in den zin van lap, doek, kleederen e.d. uit deze stof, en in andere daarbij aansl. toep.' (WNT, *want I*, betsj. 1). At we oannimme soene dat dat Drintske *waant* yndied kleanstof of stik klean betsjut, dan soe de suggestje dus wêze dat de klappen dêrop telâne komme. Mar dat liket dochs net al te wierskynlik: *in baitsje klappen*, *in jûpe klappen* of *in broek klappen* komt jin teminsten niver oan. Even algemiener: de konstruksje *een waant klappen* mei syn twa opinoarfolgjende haadwurden is sa, dat it earste haadwurd wol de rol fan befetter hawwe moat, ferlykber mei *in koer jerappels* of *in fet bier*. Mar dat stik klean liket dus earder it plak dêr't de klappen telâne komme, en net sagau de befetter fan 'e klappen. It nije wurdboek fan Kocks (1997) jout ûnder *waant I* oare Drintske foarbylden as dy't yn it WNT noch opnaam wurde koene, mar dy wize no just net fuortdaliks yn oarrewei: *Ik heb die kerel een goeie want anmeten; Woj oprukken of neit? Aans kriej een waantie op de pens, en Hij hef een waant had, hij beulde het oet*. It Grinslânsk (Ter Laan 1952 s.v. *want*) hat soortgelikense foarbylden. Allinne de útdrukking *wat op 't want krieggen*, en mooglik ek Kocks syn earste foarbyld hjirboppe, soene jo op in "tekstile" wize ynterpretearje kinne. Likegoed tink ik dat it komôf fan *wan*, en fan syn Grinslanner en Drintske maten, yn oarrewei socht wurde moat. Krekt it Frysk kin ús op in spoar bringe, om't dat in betsjutting hat dy't sa't liket yn it Nederlânsk of de Nederlânske dialekten net foarkomt.

Yn Waling Dykstra syn *Friesch Woordenboek* komt it *wan bruien* foar ûnder it lemma *wân* (lykas te ferwachtsjen wie binne der mear lemma's *wân*; dit is yn dat wurdboek it earste). Dat wurdboekartikel begjint lykwols net mei de klappen, mar mei dizze, faaks wat ferrassende, betsjut-

tingsomskriuwing: "laag, b.v. van korenschoven, op den dorschvloer uitge-spreid". Mei dat neamen fan dat koarn en dat terskjen is de ferlieding no fansels grut om ús *wan* te ferbinen mei de *wanne*, de platte koer dêr't me help fan 'e wyn it tsjêf fan it koarn mei skaat wurde koe, benammen ek om dat yn it Frysk dat *wanne* ek wer in njonkenfoarm *wan* hat. Dat *wannu* wurdt algemien sjoen as in iere ûntliening fan it Latynske *vannus*. It me lykwols dúdlik wêze dat der nochal wat semantyske bokkesprongen makke wurde moatte om ús *wan* mei dy koer op ien streek te krijen, dêr't T. yn *Sljucht en Rjucht* nammers ek al op wiisde. Boppedat is der de fonologyske swierrichheid dat bygelyks de einichste *-t* yn 'e Grinslânske en Drintske foarmen sa net goed te ferklearjen is, om't dy him yn 'e wurden foar de skiftingsapparaat nearne oppenearret. Dat, dy *wanne* liket in dea spoar te wêzen.

Op Waling Dykstra syn omskriuwing fan 'laach ...' is letter krytyk kaam en ik tink dat dy krytyk ús fierhinne op it goede paad set. Sa seit de Dongeradielster boer Sjoerd Sipma: "By it terskjen mei de swingel praet men fen in *wan*, det ienkear terskjen hinne en werom bitsjut. Foarbyld: wy moatte ye ien wan slaen (*terskje*). Neffens it Wirdboek scoe wan itselde wêze as tersk mar dit scil grif forkeard wêze" (Sipma 1933, 11; neffens him is *tersk* "it-jinge tirsken wirde moat op in bidriuw (...) Mear biskaet it tal skeaven, de men for ien kear terskjen op it terskhûs (de telle) oanleit"). S. Sybesma, yn in hânskrift dat berêst op 'e Fryske Akademy, is it in tal jierren letter ek ne mei de omskriuwing yn it *Friesch Woordenboek* iens: "Naar mijn mening is een laag schooven nooit een *wân*. De laag schooven is de *spriedt* of *têrsk*". No fiel ik mysels net in earsten agrarysk saakkundige, en alhielendal net op it mêd fan bouboerssaken, mar ôfgeande op wat jo yn 'e fierdere literatuei tsjinkomme tink ik wol dat dy kritisy gelyk hawwe. Joast Halbertsma bygelyks, yn syn hânskrift *B*, hat op side 89 it foarbyld *Ien, twa, thrije wartherskje*, 'een, twee, drie slagen, d.i. omgangen in de rondte dorschen'. Mar ek yn ús ieu wie it wurd yn dy betsjutting noch wol bekend. De yn 1943 ferstoarne K.J. van den Akker jout yn syn samling *Van de Mond der oude Middelsee* eins wol de meast detaillearre beskriuwing dy't ik tsjinkaam bin:

"Eerst bewerkte men de ene rij schoven van zulk een tersk en op de terugreis de andere rij, zodat men eindigde op de plaats, waar men begon. Dan was er één "wan" gedaan. Daarop volgde het keren, waarbij de onderzijde van de schoven boven kwam te liggen (...) Daarna volgde het tweede "wan". In de meeste gevallen was het dorsen daarmee afgelopen, en bij gerst gold

dit onder alle omstandigheden, omdat graan en stro hierbij gemakkelijk te scheiden zijn. Maar wanneer haver, tarwe en vooral kanariezaad niet goed uitgerijpt waren of niets van weer en wind hadden geleden, dan konden die zo "taei" zijn, dat met drie wan soms nog niet alle zaad verwijderd was."

By de yn 1969 ferstoarne J. Hartmans, dy't it libben yn 'e Dongeradielen beskreaun hat, is ek praat fan trije keer op en del, al liket it stuit fan kearen dêr oars te wêzen as yn 'e Noardwesthoeke by Van den Akker (Hartmans 1974, 53):

"Nei it earste wan snijden hja de bannen (te witten fan 'e skeaven, S.D.) los en folge it twadde wan; dan kearden hja de tersk en joegen it lêste wan."

It byld is hjirmei tinkt my wol dúdlik: in *wan* wie oarspronklik in kombi-nearre op- en delgong by in rige koarn lâns by it terskjen. Dat is dan benamen de tastân by it terskjen mei de hân, dat wol dus sizze mei de swingel. By it terskjen mei in terskrôle kin in *wan* wol in rûntsje oantsjuten ha (de oanhelling fan Halbertsma liket dêr op te wizen), mar it grûnidee bliuwt dêrmei fansels itselde. En dat is in kear in omgong meitsje. Mei in foarm *wan* as útgangspunt tinkt men dan fansels al gau oan it Nederlânske of Dútske tiidwurd *wenden*. Yn Aldgermaanske talen fine we it tiidwurd werom as *wendian* yn it Aldsaksysk, *wendan* yn it Aldingelsk, *wenten* yn it Aldheechdútsk, *venda* yn it Aldnoarsk, en *wandjan* yn it Goatysk (Kluge 1975, 852). Dy tiidwurden geane allegearre tebek op in protogermaanske kausatyf **wandjan-* fan protogermaansk **wendja*, Nederlânsk *winden* (Nijfrysk *wine*), en dat *winden* hie sa't wy sjoen hawwe in Ablautsfoarm *wand*. Beide, *wenden* en *winden*, geane tebek op in woartel *wendh-* (Pokorny 1959, 1148). Ik soe no úthâlde wolle dat de *wan* fan it terskjen in fuortsetting is fan dyselde Ablautsfoarm, hjir dus mei as grûnbetsjutting sokssawat as 'kear, draai, omgong'.

No soe immen hjir noch tsjin yn lizze kinne dat der dochs noch wol in probleem leit omdat dat *wenden* yn it Frysk hielendal net bestiet. Yn dy foarm komt it wurd yn it Nijfrysk yndied net foar, en ek de goede Nijfryske foarmen *weine* en *weindzje*, sa't se noch opjûn wurde troch it *Friesch Woordenboek*, sille wol fierhinne útstoarn wêze. Sels haw ik se alteast noch nea heard, en in min teken is ek dat de taalatabank Nijfrysk fan 'e Fryske Akademy de foarm *weindzje* hielendal net, en *weine* mar ien kear jout, wylst it synonyme *keare* mar leafst 956 fynplakken opsmyt. Dat *keare* hat *weine* dúdlik út it stee keard, want yn it Aldfrysk bestie it wol deeglik as *wenda*,

sa't wurdboeken en glossaria ús sjen litte. Dat, der is gjin inkel beswier or ús *wan* mei dat *wenda* te ferbinen. Dêrmei soe it der dus op del komme, dat alle trije haadwurden *wan* dy't we oant no ta tsjin kaam binne, mei all betsjuttingsferskil dy't der mei mank is, dochs op ien en deselde woarte tebekgeane. Dat is yn safier in moai risseltaat dat ien foarm, nettsjinsteand alle betsjuttingsferskil, dochs ien en deselde etymology hat.

Dêrby slút foar de abstrakte betsjutting 'kear, draai, omgong' noch hie moai oan in oar tapassingsgebiet, nammentlik it ploegjen, dat nammers in selde patroan fan hinne en wer gean sjen lit as it terskjen. Yn it Nijfrysk is i wurd yn dy tapassing net oerlevere, mar wol yn it Aldfryske *wand*, *wond* en as *wun* yn it Noardfrysk fan it eilân Feer, dêr't it as lânnamme fungearret. Foar formele, semantyske en histoaryske bysûnderheden ferwiis ik graad nei Faltings (1987), dy't foar syn "ploechterm" op deselde etymology út komt as ik foar myn "terskterm", en dy't ek noch farianten út it Nederlânsk en Dútske taalgebiet neamt. Wat dat oanbelanget leit der dochs wol in fer-skil mei de tapassing op it terskjen, dy't ik allinne mar yn Fryslân en oan swettende gebieten tsjinkaam bin.

Wat njonken de semantyske plausibelens ek pleitet foar in tebekgong fan *wan* op in foarm *wand* is, dat it de fonologyske fariaasje ferklearje kin. De einichste *-t* yn Drintsk *waant* en Grinslânsk *want* is der mei teplak. Wol is i sa dat dat oarspronklike *wand* op in *d* einiget, mar it WNT seit ûnder *wan IV* al dat it wurd net yn it meartal oantroffen is. Troch einûntstimming sil de *d* ta in *t* wurden wêze, en at sa'n wurd dan net yn it meartal heard wurdt, si licht in werstrukturaarring nei in ûnderlizzende stimleaze *t* plakfine. Sa al teast sille wy dy Drintske en Grinslânske staveringen wol opfetsje moatte.

Dy einichste *-d* makket ek tagelyk de Fryske foarms dúdlik. In einichste *-d* falt nei in *n* yn it Frysk ommers ôf, mei in byhearrende rekking fan 'e fo-kaal, ferlykje *hân* út earder *hand*. Sa'n ûntjouwing sil der ek yn ús gefa-west ha, dêrfandinne de lange fariant *wân*. Noch wol safolle komt lykwol de koarte fariant *wan* yn it op 'e Fryske Akademy berêstende Nijfryske ma-teriaal fan it WFT foar, nettsjinsteande dat it *Friesch Woordenboek*, dat ne-ferskinne in foarbyldfunksje hân hawwe sil, allinne mar it lange *wân* hat. I-koarte *wan* kin stipe wêze troch de regelmjittige ferkoarting yn it ferlyt-singswurd ta *wantsje*, mar at wy ferlykje mei fonologysk besibbe wurden as *hân* en *lân*, dy't yn har ferlytsings- en sels meartalsfoarm ommers ek fer-koarting ha, dan is it dochs tige opfallend dat dy wurden yn har grûnwurc-altyd lang binne, wylst ús *wan* sa faak koart is. Dat is it ek neffens de beide-oare *wannen*, dus dy fan de 'muorre' en dy fan it 'tried'. Dy ha wol elkmi-

in lange en in koarte fariant, mar by beide is de lange signifikant yn 'e mearderheid, dat men winliken op histoarysk-taalkundige grûnen ek ferwachtsje soe. In ferklearing foar it grutte oanpart koarte farianten by ús *wan* haw ik net foarhannen, op 'en heechsten de suggestje dat it wat te krijen hawwe kinne soe mei de wat emosjonele gebrûkssfear dêr't lettere betsjuttingsûntjouwings fan it wurd (sjoch de neikommende paragraaf) har yn bewege. Mar in goede teory haw ik dêr earliksein net foar, en hoewol't der in patroan yn liket te sitten dat dy mear emosjonele betsjuttings in grutter oanpart koarte farianten sjen litte as de orizjinele 'terskomgong', komme yn alle betsjuttings wol lange en koarte farianten foar, en binne de oantallen eins ek te lyts om oer de ferhâldings ferantwurde útspraken te dwaan.

Njonken it ferskillende oanpart yn lange en koarte farianten is der oars noch in opfallend ferskil tusken ús *wan* dat 'kear' betsjut en de oare beide *wannen*. Dy hawwe nammentlik yn it Frysk noch wol in fariant mei in einichste dintale ploffer. Foar *wan* 'tried' is dat *want*, en *wan* 'muorre' hat sels twa, *wand* en *want*. It is de fraach hoe't dy farianten besjoen wurde moatte. Der binne tinkt my twa mooglikheden: of dy ploffer is noch in oerbliuwsel út it Aldfrysk, of dy foarm is sa te sizzen op 'en nij ynfierd út it Hollânsk wei. Ik tink sels fan it lêste. At dy einichste ploffer nammentlik noch in oerbliuwsel út it Aldfrysk wêze soe, dan is min te ferklearjen dat er net bewarre is yn *wan* 'kear'. Wat foar dat lêste wurd jildt, jildt nammers foar in hiel soad oare ek: *hân*, *lân*, *wyn*, *rûn*, *jûn*, folle net genôch, allegearre binne se har einichste *-d* kwyt. Omdat de histoaryske delearingsregel sa algemien wurke liket te hawwen, moat der foar it "bewarjen" fan 'e ploffer yn *wand/want* in oare reden wêze, soene men sizze. By *wan* 'tried' is it miskien it faktalige karakter fan 'e betsjuttings (skipswant; fiskwant) dat makke hat dat der liend is; faktaal wurdt fansels altyd folle gauwer yn liend as yn 'e mear algemiene taal. Boppedat leit de fiskerij en skipfeart troch it plak dêr't it bedriuw útoefene wurdt hiel maklik iepen foar kontakten mei oaren. Nijs-gjirrich is hjir oars de einichste *-t*, ynstee fan *-d*, dat men op histoaryske grûnen ferwachte hie. Ik nim oan dat hjir, krekt as by it hjirboppe behannele Grinslânske *want* en Drintske *waant*, in proses fan werstrukturearring pleats fûn hat, sadat de troch einûntstimming foar it ljocht kommen *-t* as de grûnfoarm ynterpretearre is. Dat koe hjir ek maklik om't it wurd net gau yn it meartal brûkt west hawwe sil, at in ûnderlizzende *d* wol as stimhawwend te hearren wêze soe.

Foar *wan* '(binnen)muorre' is it wat lestiger om út te meitsjen wêrom oft de foarm mei einichste ploffer út it Hollânsk helle wêze kin en net it goe-

fryske *wân* foar kar nommen is. Miskien hat it wat te krijen mei de potinsjele moadieuzichheid fan wenningynrjochting: it wurd is ommers primêr fa tapassing op 'e muorren oan 'e binnenkant fan it hûs. De foarm *wand* soe y dy betsjutting dus in beskaat prestiizje krigen hawwe kinne, ferlykber me Kloeke syn bekend foarbyld fan *huis* vs. *muis* (Kloeke 1927). Dat dêr wi fan oan wêze kin, kin mooglik ôfnommen wurde út in kurieuzen, "autintike betsjutting fan it wurd dêr't dy einichste *-d* yn it Frysk no just (hast) algemien ferdwûn is. Ik doel hjir op 'e smelle romte tusken twa njonken elkoar steande huzen (dy't oan 'e strjitkante faak mei in planke ôfsletten wie). Y dy betsjutting komt it wurd hast allinne mar mei in einichste sjwa foar: ljocht (*wâne*, *wanne*, *wane*), nei alle gedachten in âlde datyfútgong om't it wurd faak yn in ferhâldingswurdkloft stien hawwe sil (yn 'e ...). Yn dizze betsjutting komt it it wurd, op ien kear nei,³ hyltyd foar sûnder dy *-d*. E krekt dizze betsjutting hat it Nederlânske *wand* net.⁴ Dat feit soe der dus yn died op tsjutte kinne dat de hjoeddeiske foarms sûnder einichste *-d* Frysk eigen binne, en dat de foarm mei dintaal út it Nederlânsk ymportearre is.⁵

Alles meiïnoar binne der dus semantysk en fonologysk foar de troch me útstelde etymology gjin swierrichheden. Eventueel soe it slachte fan it haad wurd jin dan noch oan it twifeljen bringe kinne, mar dat is hjir winliken el útsletten. Dat leit nammentlik by de neikommelingen fan it oarspronklik *wan* net by foarried fêst. As wy nei *wan* 'muorre' sjogge, dan hat dat i lidwurd *de*, en it Nederlânske *wand* is neffens it WNT manlik, mar wie earder ek wol froulik en ûnsidich. Dêrfoaroer hat *wan* 'tried' it lidwurd *it* mar it Nederlânske *want* is neffens datselde WNT ek wolris froulik. Hoe si

3. Dat is in (lette) opjefte út 1971 fan 'e skriuwer Hoatse de Jong fan Jelsum, dy't de foarm *wand* ("romte tusken twa huzen (muorren), smelle steech") trochdocht.
4. Dat hat, al jout it WNT, die! XXIV, kolom 2456 der dan ek de kwalifikaasje "geweste lijk" oan, hjirfoar it wurd *weeg* en dialektyske farianten dêrfan, itselde dus as it Frysk *weach*, dat sa't wy sjoen hawwe oarspronklik konkurrearre mei *wand*. It foarkomme fan krekt dit synonym foar dizze betsjutting is in sterk argumint dat dizze betsjutting fan it smelle steechje te krijen hat mei *wan* 'muorre'. De wurdboeken (*Friesch Woordenboek*, *Frysk Wurdboek 1956*, *Frysk Wurdboek 1984*) bringe it ûnder by, en etymology logisearje it dus mei *wan* 'net opfolle romte' (sjoch hjirboppe paragraaf 1). Net alhie ûnbegryplik, semantysk omdat sa'n smel steechje ek in lege romte tusken de huzen is en fonologysk omdat troch dy einichste sjwa it wurd in frijwat ôfwikende foarm kriger hat.
5. Nammers, ek de foarm *want*, mei in *t* as einichste dintaal, komt foar. Ik kin dy skriuw-wize net rjocht ferklearje, want werstrukturearring leit hjir net sa yn 'e reden omdat it begryp faak genôch yn it meartal tapast wêze sil. Fan in meartal *wanten* ûntbrekt of skrift oars elts spoar. Soe it ek wêze kinne dat guonlju it wurd mei in *t* stavere ha om it sa distânsjearjenderwize dochs noch wat in Fryskeigen uterlik te jaan?

it mei ús *wan*? Dat is net iens sa maklik út te meitsjen, omdat it yn fierwei de measte gefallen mei it ûnbeskate lidwurd foarkomt. Yn it Nijfryske materiaal fan it WFT binne acht fynplakken beselskippe fan it beskate lidwurd *it*, ek mei in moai ferskaat oan ferskillende skriuwers, allinne Brolsma komt twa kear foar. Dêrfoaroer stiet dat yn net ien fynplak it lidwurd *de* foar it ljocht komt. Lykwols, op yndirekte wize bart dat wol, nammentlik troch de bûging fan eigenskipswurden, om't dy yn de twa fynplakken dêr't se foarkomme nei it ûnbeskate lidwurd in sjwa-útgong sjen litte: *in flinke wân en in heldere wan*. By in ûnsidich *wan* hiene men hjir in keal eigenskipswurd ferwachte. Hielendal sa sterk as de evidinsje mei it streekrjocht opdûken fan it beskate lidwurd liket my dit oars net ta. Dat, it hat eigenskip dat ús *wan* yn it Frysk ûnsidich is, mei in lytse reserve derby. Dat neutraal slachte komt nammiêrs oerien mei wat Faltings (1987, 15) fûn foar it Aldfryske *wand*, *wond* mei as betsjutting 'persiel'.

Ynfloed op it komôf kin dat dus net ha. Alles wiist der oant no ta op dat dat socht wurde moat yn in Ablautsfoarm *wand*. Liket de kwestje fan 'e etymology no wol útiten te wêzen, der moat noch wol neier yngong wurde op 'e betsjutting fan *wan*, al wie it allinne mar om dat *wan bruien* út 'e ynlieding syn rjochtlik plak te jaan. Mar mei de betsjuttingskant fan it wurd is noch wol mear te rêden.

4. Betsjutting

Sa't hjirfoar bliken dien hat, moat de oarspronklike betsjutting fan *wan* dus wol 'kear', yn dit gefal as in omgong by it terskjen, wêze. We hawwe al sjoen dat Waling Dykstra yn syn *Friesch Woordenboek* mei syn omskriuwing 'laag, b.v. van korenschoven, op den dorschvloer uitgespreid' net korrekt wie. Miskien hat Walingom himsels op 'e doele brocht troch it foarbyld dat er jout: *Yet ien wân terskje en den is it skoft*. Dat is op himsels ambigu tusken in 'omgong'- en in 'laach'-ynterpretaasje. Of, wat noch earder yn 'e reden leit, dizze oanhelling út in útjefte fan Petrus Baardt syn *Boere-practica* yn *Hulde II*, s. 242-252 (Halbertsma 1827) hat him te fiter hân (s. 251):

"En snijt et dan ien waan saan acht,
Der mey is 't zienoot ijn sijn⁶ macht.
Dat jout ien schoon takomstigh jier;"

6. Nammentlik de winter. It stik giet "ouwr de fiouwer tijden fen it jier".

Om hjir foar *wan* in aparte betsjutting "laag sneeuw" út te destillearjen, sa it *Friesch Woordenboek* docht, giet lykwols wol wat hiel fier. De grûnbetjutting 'kear' kin hjir skoan oerein bliuwe. De passazje is fansels net oar as in figuerlik brûken fan it byld fan it terskjen. Nei myn smaak hat de dichtter Baardt hjir in lokkige kar dien, benammen ek omdat it hjir giet om *nôkerlen* dy't de winter yn syn macht hat. Dat we hjir mei poëzije te krijen hie Waling Dykstra ekstra wach meitsje moatten. Syn lêzing fan 'in laach (snie)' leit hjir oars ek net sa fuortdaliks yn 'e reden: de kombinaasje fan 'snijt ... in laach sân, acht' is net botte plausibel, yn alle gefal minder as 'snijt ... in kear sân, acht'. Boppedat: sân, acht lagen snie? Dy lagen rinne yn inoar oer, dan hat men it dochs earder oer in tsjok pak. Miskien hie Waling Dykstra in oare beslising naam at er Junius syn oantekening "En sneeut he dan een vlaegh seven of acht" (sj. Brouwer 1960, 41) ta syn foldwaan hâ hie.⁷

Hat neffens my it *Friesch Woordenboek* de planke dus wol wat misroaid der komt yn lettere wurdboeken wol feroaring, dat nammers net altyd in ferbettering wurden is. Oars noch net yn Wumkes & De Vries (1934) har *Lyt Frysk Wirdboek*, dy't *wân* noch gewoan mei "laag" oersetse. Dêrnei liket d hjirboppe oanhelle krityk fan S.R. Sipma en S. Sybesma út 'e jierren tritic op 'e omskriuwing yn it *Friesch Woordenboek* dochs wol syn ynfloed hân t hawwen. Yn 1944 ferskynt wer in *Lyt Frysk Wirdboek*, dêr't út it foarwur fan helle wurde moat dat no P. Sipma en Y. Poortinga de gearstalders wes ha, dat de loarte yn prinsipe aardich by de skjinne ein hat: "h. Slaan (me vlegels) een keer heen en terug v.e. dorschlaag". Allinne dat "heen en te rug", dat lit romte foar oare opfettings. En yndied, dêr skoot it hinne. De opfolger, it troch de Fryske Akademy útjûne *Frysk Wurdboek* fan 1956, be gjint der (ha't letterlik!) nuver yn om te slaan, oars grif mei de bêste bedoe lings om de omskriuwing helderder te krijen. Mar dêrmei giet it wol krek de ferkearde kant út. *Wan*, sa wol dat yn 1971 noch ris sûnder feroaring werprinte wurdboek hawwe, is "het één keer heen en terug slaan van de vlegel op de spreiding graan die gedorst moet worden". Ik kin dat eins al has net oars mear lêze as dat ien kombinaasje fan optillen en delkomme litte fan 'e swingel of flaiel in *wan* útmakket, winliken ien slach dus. It feroarjen fan *vlegels* yn *de vlegel* en benammen it ferhâldingswurd *op* sille man delich wêze oan de ferskowing. It *Frysk Wurdboek 1984* is oars fleuric

7. Brouwer sels folget oars yn syn annotaasjes by de útjefte fan it gedicht likegoed noch altyd it *Friesch Woordenboek*, as er útleit: "*wân*: in laach (skeaven, snie, bruijen) (Brouwer 1960, 41).

fierder gongen op 'e ferkeard ynsleine wei fan 1956 en hat der fan makke: "Het één keer slaan en terugtrekken van de vlegel op de spreiding graan die gedorst moet worden". Hji is de beweging dus foargoed en sûnder dat der noch twifel mooglik is in fertikalen wurden, wylst de beweging dy't yn it oarspronklike *wan* besletten siet yn essinsje horizontaal wie.

Oant safier it terskjen, dat dus neifens my it basistapassingsgebiet fan *wan* is. Ut dy basis wei hawwe har lykwols in pear ôflate betsjuttings ûntwikkele dy't ek net ûnnijsgjirrich binne. De earste is, dat it slaan op it koarn oerbrocht wurdt op it slaan op minsken. Dat is fansels de betsjutting dy't him bygelyks noch yn it Drintsk en Grinslânsk oppenearret. Men mei oannimme dat yn 't earstoan it wurd *wan* yn dy tapassing noch altyd sokssawat as 'omgong, kear hinne en wer' betsjut hat. Soks dan bygelyks yn 'e útdrukking *in wan bruien*, dêr't *bruien* foar de klappen stean moat, en *wan* dat dy klappen oer bygelyks de hiele lea geane, of dat it in rige fan klappen is. Dy earste opfetting, dat *wan* hjir noch ferwiist nei in oerflak dêr't de klappen delkomme, wurdt stipe troch dy oanhellings dêr't it partikel *om* yn opdûkt, om oan te tsjuten dat immen hielendal, oer de hiele lea, mei klappen bewurke wurdt. Sa warskôget Eeltsje Halbertsma:

k Scil dij in heldere wan om jaen, ast' it net litste

[E. HALBERTSMA, *Oantekeningen op Kiliaan*, hs. P.B.]

Of by syn broer:

Immen ien thicht wantje um géan, "iemand een geducht pak slagen geven"⁸

[J.H. HALBERTSMA, *Lexicon Frisicum B*, s. 102]

Dat lêste foarbyld, de kombinaasje mei it eigenskipswurd *ticht*, dat we yn *Sljucht en Rjucht* fan 1915 ek al tsjinkaam binne, komt wer moai yn ta utering dat dizze betsjutting tebek giet op 'e tapassing by it terskjen. In tichte wan is dêr nammentlik in omgong dêr't navenant in soad slaggen by dien binne, en dêr't de slaggen dus ticht byinoar delkaam binne. Joast Halbertsma jout dêr wer in koarte beskriuwing fan:

8. Sjoch ek WFT s.v. *omgean*, betsjuttingsskift 3. In pitertuerlik foarkommen fan dat *om* is te finen yn *Je moast ien pak om 't woan* [*Friesche Volksalmanak*, 1850, s. 34]. It docht tinken oan in kontaminaasje fan *in pak* (op 'e hûd) en *in wan* (op 'e hûd), mar wat dat *om* dêr krekt foar funksje hat is my net dúdlik.

"De dorschers kunnen den *wan* of omgang in het koren, dat zij dorscher met weinig of veel slagen van den vlegel afdoen. Met veel is de *wan thicht*.

[J.H. HALBERTSMA, *Lexicon Frisicum B*, s. 102]

Is yn in útdrukking as *in wan bruien* noch oan te nimmen dat *wan* dêr allir ne mar 'omgong', of byneed 'rige, searje' betsjut, al hiel gau moat it begry him sa ferbrede hawwe dat de klappen der mei ynbegrepen wiene. Measter tiids wurdt *wan* dan brûkt yn kombinaasje mei it plak dêr't de klappen de komme, lykas *in wan op 'e hûd*, *in wan foar it gat* of *in wan om 'e eare*. Noch wer in stap fierder is, dat *wan* noch mar ien klap foarstelt. Alwer Joas Halbertsma is dêr frij eksplisyt oer yn 'e neifolgjende passazje:

Wan (...) Klap. *Jou di undoagensce jonge ien wan foar it gat*, geef den de geniet van een Jonge een klap voor den aars.

[J.H. HALBERTSMA, *Lexicon Frisicum B*, s. 85]

Mei in omskriuwing "klap, slag (inz. als straf)" ûnder betsjutting 3 fan lemma *II wân* yn it *Frysk Wurdboek 1984* is dy ûntjouwing dan itige, so men sizze kinne.

Oant safier it fysyk geweld. It hoecht lykwols net altyd mei klappen ô: dien te wurden om ien teplak te setten, it kin ek mei de mûle. It *Friesc Woordenboek* jout al dat alternatyf:

Lit him hjir ris komme, den scil er in wân (*een pak slaag of eene berisping* ha'!

Folle foarbylden fan dizze betsjutting binne net oerlevere, en dy't der al bir ne, binne net allegearre like sprekking, mar dizze fan Brolsma mei faak noch wol hinnebrue:

Hja dêr op it Heechhûf moasten altyd it wan mar hawwe. Earst altyd me Alle en Wierd to krijen en nou mei Richt. En hjar man wier it allegear goed hwet oaren him foarteutelen.

[R. BROLSMA, *It Heechhûf*, 1926, s. 103]

Net allinne minsken kinne oanpakt wurde, saken ek. Yn tsjinstelling t minsken wurdt dat hjir altyd yn positive sin útlein, mei't achte wurdt dat d

saak der neitiid better foarstiet. *Wan* wurdt dan brûkt foar himmel- en ûnderhâldsbeurten. Ik jou twa foarbylden:

Nou scille wy út de flecht wei efkes it waerglêshwet ôfhimmelje, mar dat mât efternei better wân ha.

[T.G. van der MEULEN, *In learen lape for de Friske frouliu in de miggetiid fen 1861*, 1861, s. 10]

Nou, dy hat mar tige 't wan hawn! ("= in goede beurt hawn, sein fan in âld klok dy't opmakke wie").

[Mûnlinge opjefte J. SLOFSTRA, heard yn Garyp, om 1950 hinne]

Nei alle gedachten is dy betsjutting streekrocht ûntstien út 'e tapassing fan *wan* by it terskjen: dêr giet men ommers ek oerhinne om it te bewurkjen.

Dat hie it dêrmei ek wol west wat de betsjuttingsûntjouwing fan *wan* oanbelanget, at it *Friesch Woordenboek* ek noch net in betsjutting 'afmatting, erge vermoeienis, door zware werkzaamheden' opjoech. Op it earste each is dat in betsjutting dy't min yn te passen is by wat we oant no ta tsjinkaam binne. Waling Dykstra jout dit as foarbyldsitaat:

En arbeidzje ik faek hwet to fel,
En krij ik soms in wân
Ik liz my jouns to rêsten del,
En moarns bin 'k wer de man.

Binnen de grinzen fan dit sitaat is Dykstra syn ynterpretaasje net ûnbegryplik, al is faaks de 'afmatting' as objekt fan it tiidwurd *krije* wat ûngewoan. Mar aldergeloks jout er de boarne fan it sitaat der by, en dan docht bliken dat de rigels hiel oars lêzen wurde moatte. Yn it yn it *Frysk Almanak foar it jier 1846* publisearre gedicht *De lokkigge boer* (s. 30-32) beskriuwt Ph. van Blom yndied in lokkige boer, dy't God tanket foar alles dat him wjerfarre mei yn syn wurk, dat er sa mei nocht docht. De boer sprekt dan fierder:

Went loäiheit is, sa 't sprekward seit,
De born fen alle quea;
It kessen der de deale op leit;
't Fordjer fen liif en lea.

My bringt de deale net yn nead:
Ik terskje 'im sceef in krom,
In ploegje in hakje in hou him dead,
In mjean him om in om.

Dêrnei folget de strofe dy't it *Friesch Woordenboek* oanhellet. En dy moat mei kennisse fan wat der oan foarôfgiet, dus hiel oars lêzen wurde as dat je him yn isolaasje sjogge, tinkt my. Pas yn it gehiel krije jo yn 'e rekken da de boer net oan it wurk is, mar oan it knokken mei de duvel. En *wân* is hji fansels net oars as dat de boer fan 'e duvel klappen oprint. Dat kin fansel ek min oars: elts goed gefjocht is twasidich, en de duvel kin ek min as in folsleine sloppeling foarsteld wurde, dat hy dielt ek wolris út. Mar útsoart kriget er de boer der net ûnder, sa't oan 'e lêste twa rigels te sjen is: dy jou him gewoan te rêsten del, en de oare deis is er wer de man! Hiel moai is hji oars, hoe't it agraryske bodzjen fan 'e boer yn it begjin fan it gedicht as bylc fuortset wurdt yn hoe't er de duvel bestriidt. En dêrbinnen, spesjaal foar ús hoe't *wan* yn 'e ôflate betsjutting fan it fysyk geweld dochs wer ferbûr wurdt oan 'e oarspronklike betsjutting by it terskjen.

Mar dat alles hat Waling Dykstra dus net sjoen, dat dy hat der in aparte betsjutting 'afmatting, erge vermoeienis, door zware werkzaamheden' far makke. Grappich, mar tagelyk ek wol treurich, is, hoe't soks dêrnei dan in eigen libben kriget. Wumkes & De Vries (1918), yn har *Nederlandsch Friesch Woordenboek*, jouwe ûnder de Nederlânske yngong *afmatting* de Fryske wjergaders 'wân, wirgens'. De tuskenlizzende wurdboeken hawwe de betsjutting net, mar yn it *Frysk Wurdboek 1956* dûkt er wer op: "afmatting door zwaar werk". En krekt deselde omskriuwing oppenearret him noch wer ris yn it *Frysk Wurdboek 1984* as skift 2 fan it lemma *II wân*.

5. Learning

Ik hoopje dat der mei dit artikel in bytsje sicht kaam is op 'e eigenskippen fan it wurd *wan*. It hat wer ris oantoand dat by in ûnbekende etymology i soms nuttich wêze kin om nei in besibbe taal te sjen. Krekt de ekstra betsjutting 'omgong by it terskjen' by it Fryske *wan* brocht ús op it spoar fan sy komôf, en op dat fan it Nederlânske *want*. Wat it stik tinkt my ek wer ris sjen litten hat, is, hoe lestich oft it blykber dochs foar wurdboekskriuwer wêze kin om op grûn fan it beskikbere boarnemateriaal ta in goede betsjuttingsynterpretaasje te kommen, en alhielendal hoe foarsichtich oft der dan t

wurk gien wurde moat at der mar ien sa'n boarne foarhannen is. En hoe ge-
faarlik oft it foar wurdboekskriuwers is om foargongers mar blynseach oer
te skriuwen, en dus ek foar brûkers fan wurdboeken om sûnder erchtinken te
fertrouwen op 'e ynformaasje dy't in wurdboek jout. Wurdboekskriuwers
kinne mis wêze. Dat is yn ferbân mei *wan* miskien wol opfallend faak bard,
mar likegoed is it tige ferstannich om in wurdboekartikel net as in lêste
wierheid oan te nimmen. In tydskriftartikel nammers ek net.

Fryske Akademy
Ljouwert

BIBLIOGRAFY

- Akker, K.J. van den (1967), *Van de Mond der Oude Middellzee. Schetsen uit het oude leven op het land en uit het boerenbedrijf*.⁵ Leeuwarden, Friesche Maatschappij van Landbouw.
- Brouwer, J.H. (útj.) (1960), *Petri Baardt: Friesche Boere-practica*. Boalsert, A.J. Osinga, Magnus-rige nr. 9.
- Faltings, V.F. (1987), 'Zu Altfries. wond/wand, Nordfries. -wun 'Parzelle im Ackerland'', *Us Wurk* 36, 14-20.
- Franck, Van Wijk & Van Haeringen (1980), *Etymologisch woordenboek der Nederlandsche taal*. 's-Gravenhage, Martinus Nijhoff.
- Friesch Woordenboek* = Waling Dijkstra, *Friesch Woordenboek, derde deel, R-W en Nalezing*. Leeuwarden (1911), Meijer & Schaafsma.
- Frysk Wurdboek 1956* = *Frysk Wurdboek, gearstald troch H.S. Buwalda, G. Meerburg en Y. Poortinga. Foarste diel: Frysk - Nederlânsk*. Boalsert (1956), A.J. Osinga. [ûnferoare werprintinge yn 1971].
- Frysk Wurdboek 1984* = *Frysk Wurdboek, frysk-nederlânsk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema*. Leeuwarden/Ljouwert (1984), A.J. Osinga.
- Haddinger, H. & B. Veenstra (1979), *Drents Woordenboek*. Schiedam, Interbook International.

- Halbertsma, J.H. (útj.) (1827), *Hulde aan Gysbert Japiks, Tweede Stuk* Leeuwarden, H.C. Schetsberg.
- Halbertsma, J.H. (a. 1869), 'Lexicon Frisicum B'. Hs. P.B. Fryslân, Ljouwert. [no útjûn troch S. van Dellen & T.B. Hoekema, *Joast Hiddes Halbertsma: Lexicon Frisicum B*. Grins (1999), Stifting Freonen Frysk Ynstitút RUG].
- Hartmans, J. (1974), *Om Nijsjerk en Nes hinne. Noed en nocht foech hûndert jier lyn*. Grou, Utjowerij Fryslân.
- Hoekema, T.B. (1979), *List fan bydragen fan bilang foar it Frysk (1828-1950)*. Grins, Frysk Ynstitút oan de Ryksuniversiteit to Grins.
- Hoekstra, J. (1998), *Fryske Wurdfoarming*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Kloeke, G.G. (1927), *De Hollandsche expansie in de zestiende en zeventiende eeuw en haar weerspiegeling in de hedendaagsche Nederlandsche dialecten*. 's-Gravenhage, Martinus Nijhoff.
- Kluge, F. (1975), *Etymologisches Wörterbuch der deutschen Sprache*. Berlin / New York, Walter de Gruyter.
- Kocks, G.H. (1997), *Woordenboek van de Drentse dialecten, M-Z*. Assen, Van Gorkum.
- Laan, K. ter (1952), *Nieuw Groninger Woordenboek*². Groningen/Djakarta, P. Noordhoff.
- Lyts Frysk Wirdboek* = *Lyts Frysk Wirdboek. I. Frysk - Nederlânsk. Twadde printinge*. Boalsert (1944), A.J. Osinga.
- Pokorny, J. (1959), *Indogermanisches Etymologisches Wörterbuch I*. Bern/München (1994), Francke Verlag.
- Sybesma, S. (1938), 'Oantekeningen op it wurdboek fan Waling Dykstra'. Hs. Fryske Akademy, Ljouwert.
- Sipma, S.R. (1933), 'Oanteikenings', *De Pompeblêdden* 6, 10-13.
- WFT* = *Wurdboek fan de Fryske Taal / Woordenboek der Friese Taal*. Leeuwarden (1984-).
- WNT* = *Woordenboek der Nederlandsche Taal*. 's-Gravenhage (1864-1998).
- Woude, G. van der (1960), 'Hwat moat dat frjemde wurd?', *De Pompeblêdden* 31, 38-41.
- Woude, G. van der (1961), 'It Frysk en de oare talen', *De Pompeblêdden* 32, 200-204.
- Wumkes, G.A. & A. de Vries (1918), *Nederlandsch-Friesch Woordenboek*. Snits, A.J. Osinga.
- Wumkes, G.A. & A. de Vries (1934), *Lyts Frysk Wirdboek*. Boalsert, A.J. Osinga.